

TINNE TWIGEN



Gerrit Damsma

# Tinne Twigen

*Kronyk fan tsien generaasjes yn fjouwer iuwen*

***BnB***

Utjouwerij: Brave New Books

TINNE TWIGEN

Histoaryske roman

Tekst en foto-omslach: copyright © 2018 Gerrit Damsma

Utjouwerij: Brave New Books

ISBN: 978 94 021 8436 5

[www.gerritdamsma.frl](http://www.gerritdamsma.frl)

Neat út dizze útjefte mei fermannichfâldige wurde en/of iepenbier makke wurde troch  
printsjen, fotokopy, mikrofilm of op hokker wize ek, sûnder skriftlike tastimming fan de  
útjouwer.

No part of this book may be reproduced in any form by print, photoprint, microfilm or  
any means without written permission from the publisher.

## KOMMEN EN GEAN...

*Elk minskebern stiet op 'e skouders fan syn foarâlden. Hy ken syn heit en mem, syn pake en beppe en soms noch syn oerpake of oerbeppe, mar dan hâldt it wol op. Al dy oaren wurde wei yn de dize fan it ferliene. Mar doch: se hawwe libbe. Minsken fan fleis en bloed...*

*Yn dit boek ha ik besocht dy ûnbekende foarâlden wer 'ta libben' te roppen. It is in reis werom yn 'e tiid, oant yn de Gouden Ieu. In kronyk fan tsien generaasjes yn fjouwer ieuwen. Oer lytse minsken mei har eigen lytse skiednis yn in grutte wrâld. En al dy geslachten binne kommen en gien...*

*Hieltyd wer sille der nije twigen en blêden oan 'e beammen komme.*

*Yn 't foarbygean ha ik se groete, dy beammen, mar se bliuwe der ûnfersteurber, kâld en ûnferskillich ûnder as ik der net mear wêze sil.*

*En wat let it myn hûs as ik de doar foar altyd achter my tichtlûk? Ûngefoelich lit it wer nije bewenners ta. Wûnderlik eigentlik dat alles gewoan trochgean sil...*

Gerrit Damsma



## *GENEALOGIE*

*"Ik zie opeens die lange rij mensen  
staan, waarvan ik de laatste ben.  
Ik voel me met hen verbonden, want  
ik zou niet bestaan hebben als  
zij er niet geweest waren.  
En bij elk van die namen denk ik:  
van jou heb ik ook iets meegekregen,  
laat ik er toch het beste van maken.  
Juist die verbondenheid met ogenschijnlijk  
vreemde mensen maakt het zo  
boeiend en interessant..."*

Godfried Bomans

*Foar ús bern en bernsbern*



## YNHÂLD

- Haadstik I: Enne Gerrits (1908) en Gerrit Ennes (1936) yn krisistiid en oarloch
- Haadstik II: Gerrit Geerts (1876) en de Kop fan Jut
- Haadstik III: 'Boalsert ha ik leaf as stêd...'
- Haadstik IV: Geert Hendriks (1844) en it trekskip
- Haadstik V: Ferhúzje: noch hurder klap as dy op de Kop fan Jut
- Haadstik VI: Hendrik Geerts (1816) en syn 'photographie'
- Haadstik VII: ûnwennich yn it 'Rooie Dorp'
- Haadstik VIII: Geert Hendriks (1790) yn it leger fan Napoleon
- Haadstik IX: Nei de HBS: twa kwartsjes foar in lekke bân
- Haadstik X: Hendrik Geerts (1759) en de 'Hûnewippers'
- Haadstik XI: Molkboer, gymnasiast en stukscommandant
- Haadstik XII: Geert Hendriks (1728) as 'ruilebuijtschipper'
- Haadstik XIII: Troud..., mar ek mei it Friesch Dagblad
- Haadstik XIV: Hendrik Geerts (1690?) en Geert Hendriks (1667?) en de Gouden Ieu
- Haadstik XV: Fan reizen en in revolúsje yn 'e krantewrâld
- Epilooch: Oan stam en tûken komme nije twigen
- Yllustraasjes



## HAADSTIK I

*De treurwylch hinget út it lead en tipt mei syn tinne twigen yn it wetter. Myn pakesizzers binne allyk fan dy linige wylgetwigen. Se hingje slop oer bakboard en typselje yn it wetter om.*

*As wy yn ús roeiboat foarby farre, ropt de âldste: “Dat is in âlde rakker, net pake! Hoe hyt dy beam?”*

*“Dat is in treurwylch. Ja..., mar echt âld? Ik wit net hoe âld in wylch wurde kin; âlder as pake fansels. Syn woartels sjogge jim net, dy sitte ûnder de grûn, mar wol syn ronfelige stam, syn bochtige tûken en tinne twigen. Krekt in stambeam dêr't ik jim wolris fan ferteld ha.”*

*“Pake..., ik ha juster even op myn laptopke oan it googeljen west en ha doe ‘14 septimber 1936’ yn typt. Doe is pake dochts berne? Al dy dingen op myn skerm gienen oer krisis en oarloch. Dat wie seker wol in rottiid, of net?”*

*De bern sjogge my benijd oan: soe er wer oan it fertellen slaan? Oer froeger...?*

-0-0-0-

Jimme fraach fan doe, yn dy roeiboat, ha ik lange tiid yn my omgean litten. Fertelle oer froeger, oer de oarloch... Jim binne noch te jong, en te kwetsber. En: it measte soe by jimme no noch it iene ear yn en it oare ear útgean. Ik sil alles opskriuwe. Foar letter! It giet fansels mar oer in lytse skiednis yn it hiele grutte gehiel. De Frânske skriuwer Albert Camus seit dêroer: It is krekt of sjogge jo de dingen en de minsken troch it omkearde ein fan in fierrekiker.

Hooplik sille jimme dit ferhaal letter lêze. Mar dan bin ik der miskien al lang net mear. Burgen en ta rêst kommen yn de frede fan God. En dat is goed...

-0-0-0-

Yn de tritiger en fjirtiger jierren fan de foarige ieu wisten wy as bern amper wat in auto wie. In fyts hienen wy net. Soms mochten wy in sneontemiddei in autopet mei-inoar hierre. Foar in stoer! Om beurten derop. Dat wie in feest. Jimme ‘oma’ is opgroeid yn Swolle en sy hat wolris ferteld, dat in dokter Klinkert dêr as

earste in bromfyts krige. De man fertroude it ding mar heal en as hy riid, dan sleepte hy mei de fuotten oer de grûn: bang dat er omfalle soe. De bern rôpen dan: “Dokter Klinkert sit in sien stinkerd...!”

De wask stie by ús thús op in petroaljestel of op ‘e kachel. In waskmasine? Dy wie der net. Gjin ‘douche’. En gjin kraan, mar in pomp en in reinwettersbak. En ‘googelje’? Wy wisten noch net iens wat in telefoan wie. Televyzje en de kompjûter kamen pas folle letter. Mar doe’t wy bern wienen? Dan boarten wy! Meastentiids op strjitte...

Pake hat ek jong west; ek in baby, krekt as jimme. Mar ik ha oan jimme snuten wolris sjoen, dat jimme jim dat amper yntinke kinne:

‘... hat pake ek lyts west?’

Ja, dat sil ik jim fertelle. It wie nei in swiere en betide hjerststoarm dat ik berne waard. Sneins de 13<sup>de</sup> dobbere ik noch by ús mem yn ‘e bûk om, mar de moandeis, 14 septimber 1936, kaam ik foar ‘t ljocht en wie ik foar de <sup>1</sup>baker en de bakker.

Yn myn berte-akte stiet it sa:

*‘Heden, zestien September negentienhonderd zes en dertig, verscheen voor mij, Ambtenaar van den burgerlijken stand der gemeente Bolsward, Damsma, Enne, oud acht en twintig jaren, bakker wonende te Bolsward, die verklaarde dat op veertien September dezes jaars, des voormiddags ten elf ure, te Bolsward is geboren een kind van het mannelijk geslacht, uit zijn echtgenoot Feenstra, Trijntje, zonder beroep, wonende te Bolsward, aan welk kind wordt gegeven de voornaam: Gerrit. Waarvan akte, welke overeenkomstig de wet is voorgelezen...’*

It wie doe in rûzige tiid; dat ha ik letter wol heard en lêzen. Jimme hawwe noch weet fan de krisis om 2010 hinne. Dy hold de hiele wrâld yn syn greep. Mar yn de tritiger jierren fan de foarige ieu wie it noch helte slimmer. Yn 1932 hie de Ofslútdyk in skieding makke tusken Noardsee en Sudersee, no it Iselmar. It wyldde wetter wie betwongen. Mar wa koe it krisisswetter en it tij

---

<sup>1</sup>Baker: fersoarchster kreamfrou en bern

yn dy stoarmige tiid keare? Gjin minske! It spoek fan de wurkleasheid griep om him hinne. In kwart fan de beropsbefolking hie gjin baan mear. Banken ‘foelen om’, bedriuwen gienen fallyt en hûnderttûzenen arbeidershúshâldingen moasten de hân ophâlde. Earmoede rûnom. Yn Dútslân siet in Adolf Hitler op it finketou en hie yn 1933 syn beneaming ôftwongen as rykskânselier. It wie in ropper en razer, mar de Dútsers hongen oan syn lippen. Hy beloofde gouden bergen: wurk, ynkommen, wolfeart...

Yn Itaalje gie Mussolini op oarlochspaad en ferovere Abessinië (no Ethiopië). Se sluten in pakt mei Dútslân en yn Spanje drige in bloedige boargeroarloch.

It gie allegear oan op in twadde wrâldoarloch, mar dat wist men doe noch net. Minister-presidint Hendrik Colijn sei sels yn in radiorede: “Ik verzoek de luisteraars dan ook om, wanneer zij straks hunne legersteden opzoeken, even rustig te gaan slapen als zij dat ook andere nachten doen. Er is voorshands geen enkele reden om ongerust te zijn.”

Mar ûngerêst wienen de minsken wol! It wie gewoanwei in minne tiid, fol oarlochsdriging.

En dochs wienen der doe minsken dy’t noch wol wat oandoarden. Sa iepenen ús heit en mem - dus jimme oerpake en oerbeppe – op sneon 19 maaie 1934 in saak yn ‘brood, koek en banket’. Yn in advertinsje yn de ‘Bolswarder Courant’ stie doe: *‘Ter kennismaking ontvangt iedere tiende koper een aardige verrassing. Wie dus met de Pinksterdagen iets fijns wil hebben, die voorziet zich in de winkel van E. Damsma, Schildwijk 5, Bolsward. Bestellingen worden ten alle tijde aangenomen. Ziet etalage’.*

Enne (berne yn Dokkum, 5 jannewaarje 1908) hie oant dy tiid bakkersfeint west, mar syn heit, Gerrit Damsma – myn pake dus en jimme oer-oerpake nei wa’t ik neamd bin – hie in bakkerssaak oan ‘e Waltawei 5 yn Tsjerkwert. Dêr wie de bakkerij en in winkel. Yn Boalsert hienen wy allinne mar in winkel. Us mem stie faak achter de toanbank en ús heit holp mei yn de bakkerij en sutele yn in wide krite de boel út op syn transportfyts mei bôlekoer of op syn bakfyts. Dêr is hy sels in kear mei de stedsgrêft yn riden. De bôlen dreauen op it wetter.

It wie in drege tiid, hat ús heit letter wolris ferteld. De heale nacht bakke en oerdei der mei de beswitte lea op út. Se makken lange dagen om de kost op te skarreljen. Om wat by te fertsjinjen hie ús mem sels kostgongers. Alde Westra bivakkearre yn de pijkeamer achter de winkel en boppe yn de foarkeamer húsmannen in pear 'suvelharen' fan de 'Zuivelschool Bolsward'. En krisistiid, oarloch of net, mar wy as bern kamen ek foar 't ljocht: trije famkes en twa jonges. Ik wie de twadde. Yn dy oarlochsjierrren ferrûn de winkel oan it Skilwyk. De grutte griene beskútbús, de donkerreade koeketrompen en koperen skealjes stienen der rinteleas by. De winkelbel klingele hieltyd minder. Dy âld bel hat letter by ús yn Gytsjerk yn 'e gong hongen. Wêr't er keard is?

Yn it lêste oarlochsjierr lei der soms in steapel takkebosken achter de toanbank. Dêr waard de oven yn Tsjerkwert mei stookt. Dat der soms wapens foar de 'Ondergrondse' ûnder leinen, dat wisten wy as bern fansels net. Mochten wy ek net witte!

Myn omke Gerard kaam letter yn de bakkerij te Tsjerkwert en ús heit moast oar wurk sykje. Hy pakte fan alles oan om syn húshâlding troch de tiid te helpen. Letter krige hy in fêste baan yn de suvelyndustry. Pake Gerrit en beppe Japikje kamen boppe ús winkel yn de foarkeamer te wenjen. Dêr koe ik it hiel goed mei fine.

De smûke boppekeamer fan pake en beppe wie suver myn twadde thús. As se de jûnes sieten te skimerjen, dan slûpte ik gauris hoeden troch de doar en skode in stoel by de tafel of kachel. Sûnder folle wurden. Op de plattebuiskachel stie meastal it tsjettelwetter te sjongen. Yn it weikwinende twiljocht en mei de reade gloede fan de kachel oer de grûn sieten pake en beppe dan fredich stil te wêzen. Pake ljurke oan syn piip en syn wite sik knikte dêrby tefreden op en del. Pake wie in foarse man, mei in foarse kop: hy hie in moaie keale knikkert, in sulveren krânske hier, in wite snor en dan syn wite sik boppe in opsteand puntboardsje. It swarte fest, mei it gouden horloazjeketting, siet him spand om de bûk. Dat gouden horloazje ha ik letter fan him krigen. Mar doe wie ús pake al út 'e tiid.